

Rapport advyskommisje Obe Postmapriis 2016

Oersetse is tsjinje. Lykas de fearman minsken fierder helpt op har tocht en drûch en feilich fan de iene side fan it wetter nei de oare side bringt, sa helpt in oersetter in boek dat yn de iene taal skreaun is yn al syn hear en fear nei de oare side fan de taalbarriêre. Sa'n proses waard yn it ferline ek wolris oantsjuten mei de namme fan in taal. Sa ferskynde yn 1640 in folsleine edysje fan de gedichten fan Horatius 'Englished' troch de ferneamde Ingelske skriuwer Ben Jonson. Foar it Nederlânsk hawwe wy it nuvere 'verdietsen' en foar it Frysk fansels it 'ferfryskje'. Ien dy't him tige ward hat as oersetter wie Gysbert Japix. Sa kinne jo op ien fan syn titelsiden it neifolgjende lêze:

Yen suwnerlinge forhânlinge / Fen it / Libben / In fenne / Deade. / Eeren in it Frânsch beschreaun, in / macke, trog / Flippes fen Mornay / Rjuecht trogloftig Fransch Edelman. // *Forfriesche* trog Gysbert Japix.

In priis takenne is ek tsjinje, de sjuery kiest in boek dat nei de priis oan in oare side fan it wetter sit, de winners-side. Wy binne der grutsk op dat de priis noch bestiet, dit is ommers in moaie manier om oan te trúnjen. Dat mar ien winne kin, is spitich foar de oaren. Fansels is de kar subjektyf en hinget hy altiten gear mei de ynfolling fan de sjuery-groep. Dêrom wurdt der ek nea oer korrespondearre.

De advyskommisje fan de Obe Postmapriis 2016 bestiet út: Afke de Haan (dosinte Ingelsk op it Stedelijk Gymnasium te Ljouwert), Rolf Bremmer (emearitus heechlearaar Ingelske Filology en bysûnder heechlearaar Fryske Taal en Letterkunde, Universiteit Leiden), Marlies de Jong (dosinte Frânsk op it Beijers Naudé te Ljouwert) en Erica Bergema (dosinte Frysk en Frânsk op it Drachtster Lyseum te Drachten).

Wy as advyskommisje hawwe sa'n njoggen moannen dwaande west en kom ta in kar fan de bêste oersetting fan of nei it Frysk. De likernôch hûndert titels dy't wy beoardiele hawwe, waarden ús jûn troch Tresoar. Om't der gjin fêste rjochtlinen wienen dêr't wy ús oan hâlde moasten, hawwe wy op ús earste gearkomste fêststeld hoe't wy útein sette soene: Eltsenien krige in stapeltsje boeken mei nei hûs, in bûnt ferskaat oan proaza, poëzij, toaniel, sawol geastlik as wrâldsk. Om't it al fjouwer jier lyn wie dat de foarige priis útrikt waard (en ek noch in jier letter as wenst), hiene wy in ekstra swiere taak, dêr't ús by opfoel hokker rynske produksje der west hat yn dy fiif jier (2011-2015). It ferskaat wie grut: der wiene klassikers by út de Midsiuwen, de Renêssânse, de Romantyk oant hjoeddeiske 'pageturners' lykas Dan Brown syn *Ynferno*.

By ús oerwagings hawwe wy ús liede litten troch in tal kritearia: wie de kar fan it orizjineel spannend of wie der keazen foar in maklike wei? Boppe-al hawwe wy de oersettings hifke op trou oan it orizjineel. Eltsenien fan ús hat op syn eigen mêd, as it heal koe, nei de grûntekst sjoen. Is de wurdkar yn oerienstimming mei it orizjineel? Bygelyks, wurdt in wat âldfrinzich register goed en adekwaat werjûn? Dêrnjonken hawwe wy by proaza sjoen nei natuerlikens: rinne de sinnen linich of skimeret de boarnetaal noch troch? En fansels: is it wurk 'ferfryske' yn geef Frysk? Hjir hawwe wy de latte heech lein, al binne wy ús fansels bewust dat hjir in mjitte fan subjektiviteit meispilet. Hat, om ris in foarbyld te jaan, de oersetter keazen foar 'geboaren' of 'berne'? Yn sokke gefallen hawwe wy 'geboaren' as in negatyf puntsje meinommen. En der is sjoen oft de oersetting konsekwint yn styl en

wurdkar is: as der yn in oersetting yn flot hjoeddeisk Frysk ynienen âldfrinzige wurden brûkt wurde dan wie dat foar de sjuery ek in punt fan krytyk.

Yn alle gefallen wolle wy hjoed in oersetprojekt neame dêr't jierren oan wurke is troch in kollektyf fan oersetters: 'It nije Fryske Lieteboek foar de Tsjerken' of, sa't it offisjeel hjit: *Lieteboek, sjonge en bidde thús en yn de tsjerke*. Mear as tritich oersetters hawwe har bydrage levere oan dit mânske wurk, soms sels postúm. Fierwei it grutste part komt op namme fan Eppie Dam, Bernard Smilde silger en Cor Waringa. Je hoege je faaks net te fernuverjen dat it selskip oersetters ek eardere Obe Postmapriiswinners yn syn fermidden hat, te witten Gerben Brouwer, Douwe Tamminga, Klaas Bruinsma en Anne Tjerk Popkema. Hoe grut dizze prestaasje ek is en hoe knap ek dien, it is ta stân kommen troch in kollektyf fan oersetters, sawol libbenen as no ferstoarnen. Om dy twa redenen koe it *Lieteboek* neffens ús net yn de beneaming komme foar de priis. Wy fûnen lykwols in earfolle fermelding hjir wis wol op syn plak.

Wy hawwe út de 'shortlist' fan fjouwer dêr't ek op stiene: *Stofsûgersjongers/Stoziigerzangers* fan Tsead Bruinja mei eigen oersettingen, *In see fan stilte* fan Vercors yn oersetting fan Piter van der Veen en *De ferjilder* fan Marten Toonder yn oersetting fan Jarich Hoekstra en Harke Bremer, as de winner fan 2016 keazen

Erik of it lyts ynsekteboek fan Godfried Bomans, oerset troch Geart Tigchelaar mei moaie tekeningen fan Nina Peckelsen.

Foar in koarte karakteristyk fan alle nominearre titels wolle wy graach ferwize nei ús rapport út septimber [sjoch 'taheakke' oan de ein]. Hjir en no draait it om de winner.

Erik of het klein insectenboek wie nei *Pieter Bas* Bomans syn twadde roman. It ferskynde yn 1941 en krige yn koarte tiid njoggen werdrukken. Dêrnei hold it op want Bomans woe him net by de nasjonaalsosjalistyske Kultuerkeamer ynskriuwe litte. Nei de oarloch die bliken dat it boek ûnfermindere populêr wie en waard it stadichoan werprinte. Underwilens hat it boek al mear as sechstich werprintingen hân en binne der likernôch ien miljoen eksimplaren fan de Nederlânske ferzje ferkocht. Dêrnjonken binne der oersettingen yn ûnder oare Frânsk, Dútsk, Ingelsk, Noarsk, Deensk, Tsjechysk, Esperanto en Ivrýt. Wat ferklearret it súkses fan dit boek?

Yn it foarste plak falt it op troch syn mearsidigens. It hat trekken fan in berneboek: de haadpersoan is de njoggenjierrige Erik en wy sjogge de wrâld sa't Bomans dy beskriuwt troch de eagen fan Erik. Wylst bern fansels in grutte fantasy hawwe kinne, kipet it ferhaal derút troch in bysûnder oant oan it surrealistysk reitsjend aventoer: Erik kin sa mar in skilderij ynstappe en dielnimme oan de ynsektewrâld as wie er ien fan harren. Mar tagelyk is it in boek foar folwoeksenen. Bomans brûkt de ynsekten om krytyk te jaan op minsken en har eigenskippen: hja hawwe weet fan rangen en stannen en beoardielje (diskriminearje) oaren dêrneffens. Sa hâlde en drage de ealjebijen harren as âlde adel en sjogge se del op de bijen. De deagravers binne opportunistysk, de eamels militaristysk (en faaks sels faksistysk), de holder is in kwasy filosoof dy't omskermet mei it boek *Schicksal der Gegenwart*, ensafuorthinne. Bytiden kin Bomans ek synysk wêze. Hoewol in oertsjûge katolyk (Erik seit ek in nachtbea) liket er sjarmeard fan Darwin syn ideeën. As de deagraver wiidweidich úthâldt hoe wichtich it is foar him en syn neiteam dat oaren stjerre moatte sadat hy-en-dy se opite kinne, brekt de ierde iepen en wurde hy en syn hiele húshâlding troch in mol opfretten. As lêste kin Bomans syn

krytyk op de positivistyske wittenskip neamd wurde, stal jûn yn Solms syn *Beknopte Natuurlijke Historie* (De titel waard net oerset troch Tigchelaar. Wie dat om de superioriteit fan it Hollânsk oan te jaan?). Yn dit boek wurdt mei grutte stelligens en detail (mar sûnder de ûnderlinge gearhing) de ynsektewrâld sa beskreaun as wie dy yn beton getten. Wat Solms seit is wet. Mei de ûndertitel 'Lyts Ynsekteboek' hat Bomans wis in tonge nei de wittenskip útstutsen.

Tigchelaar hat de útdaging oannommen om dit boek mei dy typysk Bomansiaanske, wat ferheven taal en idioom oer te setten. Dêr is hy poerbêst yn slagge. Wat dat oanbelanget soe er sa út de skoalle fan Harke Bremer en Jarich Hoekstra komme kinne. De nammen biede, as lyts foarbyld, fansels in grutte test: de ealjubij-famylje Van Vliesvleugel wurdt Van Vlueswjuck dêr't Tigchelaar de v's stean litten hat om de âldens fan de namme oan te jaan, krekt sa't er wjuck mei ck stavere hat. Fierder is it Tigchelaar treflik slagge de Fryske wrâld stal te jaan, as er bygelyks de flinterheit sizze lit: 'Tige tank, menear Pinksterblom, [...] no is der tenminsten ien [dochter] de daam út.' (side 81).

Oersette is ek ferriede, sa wolle de Frânsen it hawwe. Bygelyks by it nammekaartsje fan de bij. Dêr stiet op dat er 'was handelaar' is. Yn it Hollânsk folget dan in wurdboarterij, want Erik fettet 'was' op as doetiid fan 'is'. Spitigernôch hat Tigchelaar dêr neat mei dien. Mar de bêste keatser slacht wolris mis.

Al mei al wie de kommisje fan betinken dat dizze oersetting boppe alle oare útstuts.

As boanus neame wy noch de soarchfâldige foarmjouwing en de moaie yllustraasjes fan Nina Peckelsen dy't der wis ta bydragen hawwe dat *Erik of it lyts ynsekteboek* in ferriking is fan de Frysktalige boekewrâld.

Tanke foar jimme oandacht.

Taheakke

De motivaasje foar de kar fan de oare trije nominaasjes

Marten Toonder, *De Ferjilder*, oerset troch Harke Bremer en Jarich Hoekstra (2015)

Yn it sjueryrapport fan de Obe Postmapriis 2012 wurde fjouwer kritearia neamd dy't hantearre binne foar it beoardieljen fan de oersettingen. It earste, en faaks ek wol it meast wichtige, is de taalkwaliteit. In goede oersetting moat net allinnich in kreative werjefte fan it orizjineel wêze, mar moat ek lêsbere wêze en tsjûge jaan fan kreatyf taalgebrûk yn 'e doeltaal.

De oersetting fan Harke Bremer en Jarich Hoekstra fan *De Ferjilder*, ien fan de Bommel-ferhalen fan Marten Toonder, foldocht hielendal oan dat kritearium.

Dizze twa oersetters hawwe alris earder Bommelferhalen oerset, ûnder oare *It kwea-each* en *De boppebazen*, en dêrmei yn 1996 de Obe Postmapriis wûn. Dat seit op himsels al genôch. It is in hiele poepetoer en set it boartlike en kreative Nederlânsk fan Toonder oer yn in soartgelikens Frysk.

Yn *De Ferjilder* binne Bremer en Hoekstra der op 'e nij treflik yn slagge om mei in soarte fan Bommelsk Frysk deselde sfear op te roppen as it orizjineel. In útdrukking as: 'Deun en kloek hâldt de broek' (s. 5) is in moai foarbyld fan Frysk Bommelsk taalgebrûk.

Om dy styl fol te hâlden, docht de tekst hjir en dêr soms wolris wat opdwaanderich (of: optocht) oan en rinne de sinnen net altyd like goed. (Foarbyld: “‘Hij wol it fak graach leare,’ ferdútste hear Bommel. ‘Dat sadwaande giet er mei jo, as learling.’” (s. 53)

Lykwols is it neffens de sjuery mear as fertsjinne dat Bremer en Hoekstra nochris nominearre wurde foar de Obe Postmapriis.

Tsead Bruinja, *Stofsûgersjongers / Stofzuigerzangers*, oerset troch Bruinja sels (2014)

In prachtich boek. Fisueel oantreklik troch de grutte, stimmige etsen fan Mirka Farabegoli en troch de foarmjouwing fan Monique Vogelsang, dy't mei fariaasje yn lettertypen en boartlike, soms plastysk foarm jûne fersen de ynhâld fan de gedichten ûnderstrekke – tagonklike gedichten fan Tsead Bruinja dy't soepel oerset binne yn it Nederlânsk. Of is it oarsom? Om't Tsead Bruinja sels twatalich is, is dat net mei dúdlikens te sizzen. It oersetten hat nei alle gedachten net al te dreech west. Sfear en byld bliuwe yn alle oersettings yntakt.

Soms leveret de oersetting wat moais op, bygelyks yn it gedicht 'Dûssel' dêr't it Fryske 'koarje' yn de oersetting sels in Dútske útdrukking opsmiet: 'zum Kotzen'. Wat faker is de oersetting wat oan 'e swakke kant. Ien foarbyld : it Fryske 'mei my opride te litten' (we hawwe it hjir oer in iisbaan) wurdt yn it gedicht 'Kealleafdeleafdesfertriet' te simpel oerset yn 'met me te laten oprijden'. Hjir lei(t) foar de oersetter in útdaging om dit kultureel bepaalde tiidwurd (opride) yn in Nederlânske setting oer te bringen.

It grutte tema fan Bruinja syn gedichten is weemoed. Dat wurdt ynfielber yn persoanlike fersen oer ûnder mear famylje, bertegrûn, hûs, freonskip en de pine fan it hjoeddeiske libben. Al yn it earste gedicht, dat oars bûten de haadstikyndieling falt, jout Tsead Bruinja dit tema oan mei de wurden 'bonken fertel my fan de siel dy't om jim hinne plakt sit'.

Tsead Bruinja is wers fan alle hermeneutyk en dêrmei foar in grut publyk begryplik.

It tema 'weemoed' wurdt fierder 'ferwurde' troch de muzyk fan saksofoniste Femke IJlstra dy't yn gearwurking mei in oantal oare muzikanten, lykas Geert Schoonbeek de Vlaming, de sfear fan eartiids soms hast taastber makket. Lûden as de klok fan froeger, de pau fan de buorlju, de trein troch it lânskip – jo kinne it der sûnder mis yn hearre.

Dizze multydisziplinêre 'komposysje' (poëzij, ôfbyldings en muzyk) fynt syn beslach yn in hast fjouwerkante bûne edysje dy't sa it belang fan it geheel ûnderstrekke. It is in wier 'Gesamtkunstwerk' wurden.

Vercors, *In see fan stilte* oerset troch Piter van der Veen (2012)

Dit is in fan oarsprong Frânske novelle út 1942, dy't ek ferfilme is: *Le silence de la mer*. It oangripende fersetsferhaal is yn moai Frysk oerset en it benearjende gefoel fan de Frânske tekst is beholden bleaun. Piter van der Veen hat dat tige fertsjinstlik werjûn yn syn oersetting.

De sjuery fynt dat de oersetting tsjûget fan in ryk taalgebrûk. It is goed dat de Fryske oersetting no ek syn plak krige hat yn de rige ynternasjonale oersettings fan dit boek.